



**Ferslach AG en M-enY-middei 9 oktober 2021**

### **Wolkom troch de foarsitter fan de krite Hurderwyk (Meiinoar Ien), Grytsje Assies**

Grytsje hjit alle bestjoeren en leden fan de oanwêzige kriterien wolkom. Se fynt it moai dat se der binne. In spesjaal wolkom is der foar de eareleden fan It Boun, Hâns Dijk en Sjoerd Bakker. Grytsje jout in oersjoch fan de dei en hopet dat it in hiele fijne dei wurdt. Sy jout it wurd oan Jan Bijkerk, foarsitter fan It Boun.

Jan Bijkerk is tige bliid mei it ûnderkommen – it is moai rom opset en goed berikber foar eltsenien. Hy jout tank en in bosk blommen oan Grytsje Assies foar de ûntfangst en de organisaasje.

De âlvestêdebourden, dy't bylâns de râne fan 'e seal steane, binne skonken troch de krite Beverwyk.

Jan jout ek in spesjaal wolkom oan de hear Pier Bergsma, dy't út namme fan de Ried fan de Fryske Beweging de AG meimeitsje sil, en ek de eareleden krije nochris in wolkom.

It is 2½ jier ferlyn dat der in echte AG hâlden is; de lêste kear wie yn Swol. Wy hawwe in nuvere tiid hân, neffens Jan.

Jan neamt de meartaligens, de lytse talen, dy't wat yn de nederklits sitte. Dêrom hat de AFUK in 'assertiviteitskursus foar sprekkers' optuge. Mar neffens Jan hawwe wy dat net nedich. Hy neamt Waling Dijkstra, dy't earst Biltsk, doe Nederlânsk en dêrnei pas Frysk learde. Dizze selsredsumens is noch hieltyd nedich, want it Nederlânsk stiet heger as it Frysk. Waling wie in 'man fan taal', fan boeken. It tal sprekkers fan it Frysk rint tebek. Der is in protte omtinken foar kultuer, lânskip en mienskip, mar net foar taal.

De Fryske kriterien hâlde noch fol, mar it rint tebek. Krite De Haach is stoppe; se hawwe wol leden, mar gjin bestjoer. Dit komt by wurklistpunt 2 nochris werom.

Fierders neamt Jan it kommende jubileum fan 100 jier Frysk Boun om Utens, dat fierd wurde sil op 16 septimber 2023. Oan de tarieding fan dit jubileum wurdt al wurke. Der komt in boek(je) en oan de oanfraach fan it predikaat 'Keninklik' wurdt ek wurke.

Dan jout Jan ek nochris in oersjoch fan de dei, en dêrnei wurdt it Frysk Folksliet songen (om't Jaap Bakker mei syn lûkpûde der net is, wurdt songen mei begelieding fan in CD).

Hjirmei is de 97ste AG fan it Frysk Boun om Utens iepene.

### **Meidielings en ynkommen stikken:**

Oanwêzich binne 50 persoanen, ynkl. it bestjoer fan It Boun.

Ofwêzich binne: de stúdzjerûndte Arnhem en de krite Assen. Fan de oare kriterien is der fertsjintwurdiging.

Berjocht fan behindering is kommen fan:

- in e-mailstiper út Ny Sélân (Tjeerd v.d. Zee);
- de kommissaris fan de Kening, dhr. Arno Brok;

- de famylje Weijer fan Appelskea, dy't eltsenien de groetnis docht.

Hjirnei wurde stand de minsken dy't ferstoarn binne, betocht.

#### **Ynkommen stikken:**

- der binne gjin ynkommen stikken dy't behannele wurde moatte.

- Hylke de Haan (bestjoerlid fan It Boun en fan de krite De Haach) krijt it wurd om te fertellen oer dizze krite:

“Op 22-09-2021 is de krite De Haach ophâlden. De animo wie fuort en der wie ek gjin bestjoer mear. De sjongboeken binne oerdroegen oan de kriteren Boadegraven en Lelystêd, de flagjes oan It Boun en ek it jild dat der noch is, wurdt oerdroegen oan It Boun, mar ‘labele’, sadat it brûkt wurde kin foar in ûndersyk nei mooglikheden om de neffens Hylke ‘warbere mienskip fan Friezen yn en om De Haach elkoar moetsje te litten yn in ‘online community’. Derfoar wurdt mei de tiid in breinstoarmsesje organisearre. Der binne kontakten mei Omrop Fryslân en Omrop Gelderlân, de Fryske Akademy, Provinsje Fryslân en de studinteferienings fan Grins, Delft en Wageningen (Weinum). Undersocht wurdt hoefolle ferlet der is en hoe’t dat dan organisearre wurde moat. Neffens Hylke lûkt in netwurkslokje in protte folk. As der fanút de AG ek suggestjes binne, kinne dy nei Hylke. Jan Boogaardt wurdt de kontaktpersoan fan De Haach nei It Boun (lykas Jan Piet Bergmans dat is foar mediasaken).”

#### **Oantekens fan de 96ste Algemeine Gearkomste (digitaal)**

Flaters yn de tekst: gjinien. De oantekens wurde fêststeld mei tank oan de gearstaller(s).

Nei oanlieding fan: gjin opmerkings.

#### **Jierferslach skriuwer oer 2020**

- Ad 7. ‘2021 en 2022’ moet wêze ‘2022 en 2023’

- Ad 8. Jan Bosgraaf (krite Swol) freget nei de ûntwikkelingen fan IFAT. Jan Bijkerk seit dat dit by wurklistpunt 8 oan de oarder komme sil.

It ferslach wurdt fêststeld mei tank oan Kees v.d. Beek.

#### **Ferslach rekkenopnimbers oer 2020 en beneamen nije rekkenopnimbers:**

Jan Koopmans (krite Hilversum) docht, mei út namme fan Jan Boomgaardt (krite De Haach) it útstel om it bestjoer te ûntlêstigjen. De gearkomste nimt it oer.

Der binne wol wat opmerkings oer de balâns. De rekkenopnimbers dogge it útstel om de post IFAT te ferdúdlikjen. Der is in ferskil, wat neffens de ponghâlder, Jan Vogel, net te ferklearjen is. It soe in tikflater wêze kinne; de post fan € 1.406,50 is neffens Jan goed.

Sjoerd Bakker (krite Swol) jout noch wat eftergrûnynformaasje oer IFAT. IFAT krijt in lânlike subsydze om't It Boun der yn sit. Dat bedrach wurdt ferparte oer STAF, Selskip1844 en FBoU. De ferrekkeningen fan dizze subsydze rint faak jierren efter. Somtiden moast der werombetelle wurde, wat ta gefolch hie dat foarskotten en werombetellingen trochinoar ronnen.

De gearkomste nimt it útstel fan de rekkenopnimmers oer.

De rekkenopnimmers wurde betanke foar harren wurk. Nije rekkenopnimmers oer 2021 wurde Hilversum en Hoarn.

## **Finânsjes**

Jierrekken ponghâlder 2020:

Jan Vogel jout taljochting. Sjoerd Bakker (krite Swol) seit ta om, as dat nedich is, meiwurkje te wollen om de IFAT-saken nochris te besjen.

Der binne fierders gjin fragen oer de jierrekken.

Begrutting 2021:

Jan Vogel seit dat de begrutting eins 'wiete fingerwurk' is. Der binne gjin fragen oer de begrutting 2021.

## **Algemiene gearkomsten 2022 en 2023:**

De AG fan 2022 is op 26-03-2022. Krite Hilversum jout oan dizze AG leaver net organisearje te wollen. Krite Assen hie oanbean om de AG fan 2021 te organisearjen. De krite sil hifke wurde om de AG fan 2022 oer te nimmen. Foar 2023 is der noch gjin kandidaat.

## **Toanielsaken:**

It Boun: Jan Bijkerk hat kontakt hân mei Teatske Haanstra (krite Assen). Dizze toanielploech hat op it stuit neat op priemmen.

IFAT: By alle bestjoersgearkomsten fan it Bounsbestjoer wurdt de stân fan saken op it mêd fan toaniel besprutsen.

IFAT ('It Frysk Amateur Toaniel') is yn 1953 oprjochte troch:

- \* BFT – Boun fan Fryske Toanielselskippen
- \* FBOU – Frysk Boun om Utens
- \* It âld Selskip1844 – Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse

De haadreden foar it oprjochtsjen fan IFAT is it bondeljen fan alle organisaasjes, sawol yn as bûten de provinsje Fryslân, dy't ta doel hawwe it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer en yn it bysûnder it opfieren fan Frysktalich toanielwurk troch amateurs.

IFAT besiket dat doel nei te stribjen troch it stypjen fan toanielkrigen, fan stúdzjedagen en stúdzjewykeinen, fan karmasterkursussen, fan kursussen beljochting, dekôrbou en oare toanielomballings, rezjykursussen, en it befoarderjen fan lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal.

IFAT is in lanlike organisaasje en kriget sûnt 1953 lanlike subsydzje, sûnt 2002 yn it ramt fan de Bestjoersôfspraak "Fryske Taal en Kultuer". IFAT behertiget de belangen fan de trije oansletten organisaasjes benammen yn it oerlis mei de oerheid oer it subsydzjebarren.

Der wurdt al wat langer praat oer in oare oanstjoering; der is in nije opset 'DoEk', dêr't It Boun lid fan wurde kin. Yn dizze nije organisaasje komme dan Selskip1844, IFAT, Keunswurk en It Boun. It Boun hat oanjûn wat foar harren wichtich is (bynammen subsydzje foar toanielploegen, dy't bûten Fryslân spielje, op it mêd fan reiskosten (dat makket it foar krite om utens makliker om toanielploegen yn te hieren foar in kritejûn of -middei) en subsydzje foar sjongkoaren en oare kultuer-uterings.

Jan Bosgraaf (krite Swol) freget of't de subsydzje dan nei de toanielploegen en koaren giet. Jan Bijkerk andert dat dit de bedoeling is. De priis fan in toanielploech kin dan nei ûnderen.

Wurdt ferfolge...

### **Wet Bestjoer en Tafersjoch Rjochtspersoanen (WBTR):**

Dêr binne gjin fragen oer.

### **Bestjoer – ôfgean en wer ynhiere fan bestjoersleden**

It roaster fan ôfgean sa't dat fêststeld is, is:

2021: Jan Bijkerk en Pietie Westdijk-Kaastra

2022: Kees v.d. Beek en Hylke de Haan

2023: opfolg(st)er fan Pietie Westdijk-Kaastra

2024: Gerrit Stegenga en Jan Vogel (hy stie net yn de wurklist)

Pietie Westdijk is ôfgeand om't se yn 2019 oanjûn hat noch 2 jier troch te gean. Pietie wurdt betanke foar har krewearjen en krijt in bosk blommen fan Jan Bijkerk en applaus fan de gearkomste.

As opfolgster fan Pietie wurdt foarsteld fr. Gerrita Otten-Onrust (krite Utert/Seist).

Gerrita fertelt it ien en oar oer har sels en dat ferhaal slacht sa bot oan dat de gearkomste mei applaus it útstel om har in sit yn it bestjoer fan It Boun te jaan, oernimt.

Jan Bijkerk hat oanjûn nochris 4 jier troch te wollen en ek dat wurdt troch de gearkomste mei applaus begroete.

Dat Jan Vogel op de wurklist net neamd is, is in flater(ke), opmurken troch Sjoerd Bakker (krite Swol).

### **Jubileum FBoU 100 jier – 16 septimber 2023:**

Der wurdt wurke oan in Jubileumboek(je) oer It Boun; ferhalen foar dit boek kinne stjoerd wurde nei de jubileumkommisje. Der komme gjin ynterviews.

### **Kontakt bestjoersleden mei krite:**

Op de webside stiet de ferdieling van de bestjoersleden oer de ledekrite. Der binne gjin fragen oer.

### **Moetings- en Ynspiraasje dei 2022:**

De MYD yn 2022 is op 26-03 tagelyk mei de AG. Suggestjes foar de ynfolling binne tige wolkom: nei de skriuwer.

### **Mediasaken / Omrop Fryslân:**

Der binne gjin ûntwikkelingen. De stân fan saken is noch gelyk oan de situaasje sa't dy beskreaun is it yn Ambyld 50.

### **Promoasje Boun:**

By dit wurklistpunt kriget Pier Bergsma it wurd. Pier is foarsitter fan de Ried fan de Fryske Beweging (RFFB) en jout in taljochting op it wurk fan de Ried. De Ried ûnderhâldt kontakten mei de provinsje en krewearret tige foar it gebrûk fan it Frysk yn alle omkriten en sitewaasjes. Pier fynt it spitich dat der net folle Frysk te fernimmen is, bygl. by de 'Roze Zaterdag' yn Ljouwert. Gjinn wurd Frysk yn de struibrieven. Hy neamt ek de tolkenkwestje by de rjochtbank te Ljouwert. Dêr moat noch in protte feroarje.

Pier makket melding fan de Fedde Schurerlêzing en de foarstelling fan Pier21 oer Kneppelfreed.

As lêste bring Pier de digitale webside 'It Nijs' en it tiidskrift 'De Nije' op it aljemint. Eksimplaren lizze op 'e tafel foar it meinimmen.

Jan Bijkerk freget de krite nochris om harren aktiviteiten troch te jaan oan 'e skriuwer, sadat se in plakje krije kinne op de webside fan It Boun.

### **Nijsfoarsjenning nei de krite ta:**

Dêrfoar hawwe wy de **Ynformaasjemap**. De Ynformaasjemap stiet op de webside en is wer aktueel. De ynformaasje wurdt oer de mail nei alle skriuwers fan de krite stjoerd. Op dy wize kinne de krite flugger berikt wurde en it sparret in protte wurk en tiid. Boppedat is it stikken goedkeaper.

De Ynformaasjemap is op de webside fan It Boun sûnder wachtwurd beskikber.

### **Folkshegeskoalle Schylgeralân:**

De Folkshegeskoalle is troch koroana in tiid ticht west, mar Sjoerd Bakker (krite Swol) seit dat de putsjewike yn novimber hâlden wurde sil.

### **Wat fierder noch op it aljemint komt:**

Der komt neat op it aljemint, útsein de opmerking dat de krite Utert/Seist sakje moat op de list fan krite mei harren jubilea.

### **Omfregjen:**

Henk Sprietsma (krite Apeldoarn) seit dat de tsjerketsjinst, dy't Omrop Fryslân sneins útstjoert, net altyd yn it Frysk is. Grytsje Assies (krite Hurderwyk) andert dat it oan de tsjerkerie is om hjir de kar te meitsen: Nederlânsk, Frysk of in kombinaasje.

Pier Bergsma (RFFB) reagearret dat alles eins yn't Frysk moat, mar dat bart net. Lokkich is ek net alles yn it Nederlânsk.

Trieneke Vos (krite Utert/Seist) seit dat in part yn it Frysk moat fanwegen de Omrop.

Tiny Dijkstra (krite Hoarn) merkt op dat de tsjinsten út Jorwerd wol yn it Frysk wienen.

### **Sluten fan de 97ste Algemiene Gearkomste:**

Jan Bijkerk slút de gearkomste mei in betankje oan de krite Hurderwyk en de Reinbôgetsjerke (benammen Durk Reitsma) foar de gastfrijens.

Jan winsket eltsenien in noflike middei mei de Moetings- en Ynspiraasjemiddei, dêr't Lutz Jacobi, direkteur fan de Waadferiening it wurd fiere sil.

Dêrnei is der noch it teäterselskip út Earnewâld, mei Age Veldoom as ferteller en de muzikanten Ella de Jong en Herman Wolthuis mei de foarstelling 'Myn Skip'.

Jan slút de gearkomste.

Gerrit Stegenga, oktober 2021

### **De Moetings- en Ynspiraasjemiddei :**

Neist de bestjoersleden fan it Boun: Jan Bijkerk (foarsitter), Pietie Westdijk, Jan Vogel (ponghâlder), Hylke de Haan, Kees v.d. Beek (skriuwer), Gerrita Otten en Gerrit Stegenga (oantekens), binne der 58 dielnimmers; ek oanwêzich is fr. Lutz Jacobi, direkteur fan de Waadferiening, en de ynlieder fan dizze middei.

De foarsitter fan it Boun iepenet de middei. Hy yntrodusearret Lutz Jacobi. Lutz is sûnt 1 maaie 2018 direkteur fan de Waadferiening. Lutz kriget it wurd.

Dizze middei sil gean oer it Waad, de ûntwikkelings dêrfan, en oer de Waadferiening. Lutz fertelt it ien en oar oer de Waadferiening; dy is oprjochte nei in kranteberjocht fan Kees Weevers fan Kortenhoef. Hy die in needgjalp oer it tebekrinnen fan it waadlibben. De feriening is der sûnt 17-10-1965. Mei help fan wat dia's jout Lutz ynsjoch yn de saken dêr't de Waadferiening him drok oer makket, en wat der de gefolgen fan binne. 'Wy moatte hieltyd op ús iepens wêze', neffens Lutz, want de ekonomy krijt faak mear oandacht as de natuer. De stân fan de séhûnen lykwols is tige goed. It is eins net mear nedich dat der séhûne-opfang is, neffens Lutz. Lutz neamt in pear saken dy't yn de takomst fan belang wurde foar benammen de fiskstân, û.o. de fiskerij en de fiskmigraasjerivier, dy't yn de Ofslútdyk makke wurdt. Hjirmei wurdt it foar guon fisken makliker om fan sâlt nei swiet wetter te swimmen (en fansels wer werom).

Mar ek it 'rinnen' fan de eilânnen krijt omtinken: it Waad wurdt yn it westen droeger en yn it easten wieter. It spul rint op Grinslân ta. Lutz hat it ek oer de plannen om gas te winnen ûnder de Waadsee wei (fanút Ternaard), mar se seit der fuortendaliks efteroan dat dit net heve sil ('dat gaat niet gebeuren'!). Fierders wol sy it hjir eins net oer ha 😊.

As lêste jout Lutz oan dat it faaks in idee is om dhr. John v. Nooij ris út te noegjen foar in MYM. Hy is direkteur fan Omrin (de organisaasje dy't mei de ôffalferwurking dwaande is), dêr't in ynstallaasje by Hârn stiet. Spitigernôch hat de man it Frysk net yn 'e macht.

Jan Bijkerk tanket Lutz tige foar har sprekken en it yngean op de fragen dy't steld binne. Sy krijt in bosk blommen foar har ynbring.

Novimber 2021, Gerrit Stegenga

Hantekening foar akkoard mei de Jiersifers fan de ponghâlder oer 2020 – tekene novimber 2021

Jan Bijkerk, foarsitter



Kees van der Beek, kriuer

